

SKRIFTLIKE FRAGEN, ex artikel 41 Reglement van Orde

Rjochte oan	S. Poepjes
Ynljedende taljochting	<p>Yn de brief (nr. 01830168) fan DS oan PS fan 16 des. 2020 is sprake fan in takennen fan in bedrach fan neistenby 700k yn 2021 oan kulturele ynstellings en wurdt oanjûn dat der net mooglikheden binne om binnen it belied fan NIJ POADIUM budzjet frij te meitsjen foar in jierlikse stipe oan in tal musea.</p> <p>It belied NIJ POADIUM is op 22 jan. 2020 fêststeld. Dit belied mocht rekkenje op in breed draachflak yn it kulturele fjild. Op foarhân wie al dúdlik dat it budzjet foar de musea net grutter wurde soe dan it jierlikse bedrach fan 4,2 miljoen. Nije spelers op de merk soene ek stipe krije út it bedrach foar de musea en dermei wie de kâns grut dat de ta te kennen bedragen lytser útfalle soene dan eartiids. Nei beoardieling fan de ynbrochte oanfragen die bliken dat it Frysk Museum bûten de beoardieling troch de spesjaal ynstelde kommisje hâlden is. PS wie bij de fêststelling fan NIJ POADIUM op 22 jan 2020 derfan net op de hichte. Út de beântwurding fan eardere fragen oer dit ûnderwerp die bliken dat in feste subsydzje fan 3 mln. it jier oan it FM in betinkst wie foar de takenning fan in grutte lanlike subsydzje. Derom hie DS dizze útname dien. Út dyselde beântwurding wurdt net dúdlik wêrom PS op 22 jan. 2020 net op de hichte brocht waard fan in eventuele útname fan 12 miljoen fan de 16,8 miljoen, dy't foar musea foar fjouwer jier beskikber wie. Sûnder PS deroer te ynformearjen en bûten de regels fan Nij Poadium om is dizze 12 miljoen út dit budzjet helle. Dat hie bij de behanneling fan NIJ POADIUM op syn minst in melding wurdich west.</p> <p>Derneist lykt der ek sprake te wêzen fan in weeffout yn NIJ POADIUM as it giet om it folgjende. Jierliks meitsje de ferskate musea kosten om harren kolleksje yn depot op korrekte wize te ûnderhâlden. Dizze depotfunksje is wichtich om al de stikken dy it Fryske ferhaal fertelle foar de takomst te bewarjen. Dizze depotfunksje is ien fan de basisopjeften fan de musea en hie yn de eardere subsydzjes ek in plak. Yn de ynformele bijpraatsesje fan de deputearre mei PS is der hoop opsmieten om foar in oplossing te kommen foar it stypjen fan dizze depotfunksje. Dy hoop libbe ek bij de musea en út ynformaazje docht bliken dat hja frege binne om de beswierprosedueres tsjin it eardere beslút fan DS derom oan te hâlden. Mei namme dizze depotfunksje komt troch de grutte koartings op de jierlikse subsydzjes yn gefaar. Dizze depotfunksje is in opjefte dy't al mienskiplik oppakt, mar dan moat ets museum ak wol de kâns hawwe om deroan mei te beteljen.</p>
Fragen	<p>1. Kinne jo ús – neist it oersjoch yn jo brief nr. 01830168) fan 16 des. 2020 - in listje takomme litte fan alle ynstellings mei taseine bedragen fan út NIJ POADIUM oer 2021-2024 en mei de noch beskikbere romte?</p>

	<ol style="list-style-type: none"> 2. Is DS it mei ús iens dat op 22 jan. it byld foar de musea oars wie dan no efternei bliken docht trochdat it FM bûten de ferdieling hâlden is? Werom wol / werom net? 3. Is DS mei ús fan betinken dat it op syn minst needsaaklik west wie PS op de hichte te bringen fan de útname fan dy 12 miljoen foar it FM en fan it effekt wat dat hawwe soe op it ferdielen fan it restearjende bedrach? 4. Is DS it mei ús iens dat de sketste problematyk rûn de depotfunksje bûten it ramt fan NIJ POADIUM hâlden is en dermei kwalifisearre wurde kin as in weeffout? Werom wol/ werom net? 5. Wat wol DS oan PS foarlizze om de depotfunksje as basisopjefte fan in part fan de Fryske musea te boargjen?
Yntsjinner	ChristenUnie, Lieuwe van der Pol
Datum	7 jannewaris 2021